

Moasje frjemd oan de oarder fan de dei ex. art. 36 reglemint fan oarder foar de gemeenteriedsgearkomste fan de gemeente Hearrenfean

Fan : FNP
Oan : De foarsitter fan de ried

Nei oanlieding fan agindapunt nr. : frjemd oan de oarder fan de dei
Underwerp : supermerk Skoatterwâld
Ried yn iepenbiere gearkomste : 21-1-2019

Oerwagende dat:

- Dat troch ynweners fan Skoatterwâld al jierren frege wurdt om in folweardige supermerk yn de eigen wenwyk.
- Yn de wyk ynkoarten 2500 minsken wenje.
- Yn de wyk gjin foarsjenningen op it mêd fan in supermerk binne.
- Foar it eksploitearren fan in folsleine supermerk 2000 oant 2500 bewenners genôch is
- De komst fan in supermerk tasein is by de ûntwikkeling fan de wyk.
- Dizze fraach wer aktueel wurden is nei oanlieding fan de plannen foar de bou fan in hotel yn de wyk.
- Yn it bestimmingsplan Skoatterwâld romte is foar in lytse supermerk fan maksimaal 500 kante meter.
- 500 kante meter fiersten te min is om en folweardige supermerk te eksploitearren.
- Der yn Skoatterwâld ferskate lokaasjes binne wêr't romte is foar in supermerk .
- Ferskate ûndernimmers belangstelling ha foar it ûntwikkeljen fan in supermerk yn Skoatterwâld

Fersiket it kolleezje:

- Om in oersicht te jaan fan de hjoeddeistige situaasje oangeande it festigiingsbelied supermerken yn de gemeente Hearrenfean en dit ta te spitsen op Skoatterwâld wêrby alle mooglike lokaasjes foar in supermerk yn byld brocht wurde ek al jout it bestimmingsplan hjirfoar no, noch, gjin romte.
 - Yn dit oersicht ek de lokaasje súdlik fan de sportfjilden fan vv Heerenveen mei te nimmen.
-

Undertekening(en), namme en partij: FNP -

Stimferhâlding: _____ foar - _____ tsjin

Dizze moasje is : oernaam/oannaam/fersmiten

Hantekening griffier: